

Yn de jierren fyftich koene skûtsjeskippers wier net mear fan de wyn libje. Se stapten op de wâl en sochten nije wegen. Yn dizze sin, hy stiet op de flaptekst fan *In kop as in almenak*, giet it eins om trije wurdjes: de jierren fyftich. Healwei de ieu, as alles better liket te wurden, is it de tiid om de hjoeddedei sa fertroude oarder fan wurken, sliepen en fakânsje fieren op te sykjen. Mei grutte krektens en yn in hiel eigen styl hat skriuwster Elske Hindriks (pseudonym foar Elske Schotanus) fêstlein hoe't dizze yngripende stap yn har famylje ferrûn is. It smyt in heechstpersoanlik ferslach op oer ûnbekinde minsken, mar krekt dêrom gean dizze ferhalen nammerste mear oer de achtergrûn fan eltse lêzer.

De âlden fan skriuw-

ster (berne yn 1957) hjitte Hindrik (1924-2001) en Sjoerdsje (1929), bern fan respektivelik it middenstan-nersechtpear Jetze en Willemke Hindriks en it skipperspear Klaas en Elske Hornstra. Fjouwer âldsten, dy't healwei de jierren fyftich al in libben achter harren hawwe.

Earmoed en wolfeart

In kop as in almenak is in boek dat him ôfspilet op de knieren fan de tweintichste ieu. Fytst Hindrik as jongfeint noch fan Sleat nei kamp Elfbergen yn Aldemardum om dêr de begjinsels fan it skippersfak te learen, as er âld is hat er in eigen hûs, in televyzje en medyske soarch. Bringt Sjoerdsje har bernejierrren troch yn de be-naude romten fan in skûtsje, letter makket se mei dat de fergielde foto's te sjen binne op in kompjûter en begrjypt se de burokratyske banken en kâlde tillefoansintra net

mear. Hindriks/Schotanus hat sa in ieu fol earmoed, pine en wylde avontieren sketst, mar ek in tiidrek fan wolfeart, burokrasy en materialisme.

In ieu fol fan drama ek. As de kuster de Volkerak foar de kust fan Fowey (Súd-Ingelân) yn 1951 oan 'e grûn rint, slachside makket en brekt, wurdt stjoerman Hindrik oan 'e wâl set mei in 'wippertastel' en giet er - 'na de Paasdagen in huise-lijke kring te hebben doorgebracht' - de oare wike gewoan wer nei see. In ieu ek mei nije kânsen. As Hindrik ienris oan 'e wâl wennet, krûpt it bloed dêr't it net gean kin en begjin er mei súkses in rûnfeartbedriuw.

Bysûnder sneu is it lot fan Tryntsje, de âldere sus fan Sjoerdsje, dy't in fergroeide rêchbonke hat troch de 'Ingelske sykte' (ragitis, troch tekoart oan fitamine D) en fan berns ôf mank troch it

libben gean moat. Mem Elske hat it net iens yn 'e gaten: „O ja, is 't sa?“, seit se wat ferwûndere, want it wie har net iens opfallen dat it bern slim oer de side rint.

Oars net as in famyljedrama fansels. Sokke skrinende ferhalen oer in ûnferantwurdlike mem en brek oan medysk yngripen lêze wy tsjintwurdich yn de rapporten fan de Kinderbescherming. Tagelyk litte sokke misstannen foaral sjen dat earmoed en de bykommende ûnferskillichheid noch net iens sa lang lyn it deistige libben dominearje koene.

Werkenberheid

In kop as in almenak is skreaun as in assosjatyf en fragmintarysk ferhaal, oanfold mei krantesitaten en argyfstikken. Mar dit gehiel makket it boek net ûnbegryplik of partikulier. As bliken docht dat stjoerman Hindriks miskien wol foar de Dútske besetter

fard hat, docht de biografier alles oan om de feiten boppe tafel te krijen. Krekt sa is de soarch fan de fertelster om har hieltyd sykliker âlde mem deselde soarch dy't in soad minsken werkenne sille. Hindriks/Schotanus hat de werkenberheid fan de libbens fan har personaazjes ta

De libbens fan har personaazjes binne ta in haadtema makke

in haadtema makke. Eltse famylje hat ommers in alkoholist, in breklike nicht of in neef mei grutte skulden yn syn fermidden. Miskien is de essinsje fan it famyljegefoel wol dat ferhalen pas gewicht krije as ien der net mear is. Pas dan docht faak bliken hoe seldsum ûngewoan it libben fan in gewoane stjerling eins wie.

En is, want de skriuwster har eigen bern hawwe hjoed te krijen mei in foarse krisis en ûnwisse takomstperspektiven. Beslist net maklik, al binne de tiden wol feroare. Der binne mar trije foto's fan har bernetiid', skriuwt de skriuwster oer har muoike Tryntsje. In sin dy't alles seit.

i *In kop as in almenak*. Elske Schotanus. Afûk, 16,50 euro



- In Ferdwûne Skipperslaach -

FD 10-1-14

Elske Schotanus

Elske Schotanus (Terbant, 1957) studearre psychology yn Grins en wurke by de GGZ. Har debút, de ferhalenbondel *It griisstiennen wurd* (2004) waard nominearre foar de Fedde Schurerpriis, lykas har romandebút *Skrif* (2007). Schotanus skreau fierders resinsjes foar *De Moanne*, radiokollums foar Omrop Fryslân en siet yn de redaksje fan de literêre blêden *Kistwurk* en *Farsk*. Se

wie ek ien fan de ynisjatyfnimmers fan de stichting Cepher, dy't ta doel hie it 'befoarderjen fan (Fryske) letterkunde, literatuer en sjoernalistyk'. Dêrneist is se projektlieder fan SKRIUW, in ynisjatyf fan it Skriuwersboun om begelieding te jaan oan manuskripten of gelegenheidwurk fan (nije) skriuwers. Neist skriuwster is Schotanus ek warber as byldzjend keunstner.



Elske Schotanus. Foto: Simon Bleeker